


# Professor Poepke en in tsjustere formule)



In koarte komyske sketch foar 6 persoanen troch Remco Klop mei in oersetting fan Rigdje Snoek-Zwart

## **Professor Poepke en in tsjustere formule!**

In koarte komyske sketch foar 6 persoanen troch Remco Klop mei in oersetting fan Rigtje Snoek-Zwart

### **It stik:**

De formule fan professor Poepke makket âlde en sike knuffels net allinnich better, mar ek MEGA-sterk. Op minsken hat de formule echter in oare útwurking...

### **Toanielbyld :**

Trije panielen wêr efter de spilers ôf gean kinne. In leger paniel fan ûngefear 1 meter heech en 2,50 meter lang, fêst oan ien fan de panielen. In bureau foar Professor Poepke, mei dêrop papieren en ferskate bekers en kannen foar eksperiminten. Eventueel in skoalboerd los of oan ien fan de panielen om it noch mear op in wurkkeamer lykje te litten.

### **Rollen:**

- Professor Poepke (in útfiner)
- Muoike Toets fan Truffelen (Muoike fan de Professor. De Professor wennet by har yn 'e hûs)
- Eksperimint 188 (in útfining fan de Professor, heal minsk, heal robot)
- Petra Egtebink (bistedokter fan knuffels dy't yn de steek litten binne)
- Bange Boef Lyn (in dief)
- Master Boef Stretch (in oare dief)
- (eventueel) immen dy't de spilers by oanfang presintearret oan it publyk

## **Professor Poepke en in tjustere formule**

*Futuristyske muzyk wurdt oanset. We sjogge de Professor drok dwaande mei berekkeningen, papieren, bekers en kannen. Hy is dúdlik wat oan it brouwen. Fan siden sjocht Petra Egtebink ta. Yn har earms hat se in smoarch knuffelbist fan stof. Dan pakt de Professor in kanne en hâld dizze yn 'e loft, tegearre mei in papier fol berekkeningen.*

### **Professor Poepke:**

*(Lûd.) Eureka! Ik ha it!!! (De muzyk hâld op. De Professor docht wat dûnspaskes). Yes, Professor Poepke is the best!!!*

### **Petra:**

*(Rint nei de Professor.) Is it klear?*

### **Professor Poepke:**

*(Grutsk en hiel bliid.) Ja seker!*

### **Petra:**

*Wurdt dizze knuffel wer de âlde? (Hâld de knuffel omheech.)*

### **Professor Poepke:**

*Dy knuffel wurdt better dan dat hy wie!!!! Sjoch! (Poepke docht wat fan de floeistof út de kanne yn in beker en jout it de knuffel te drinken.) Sa ! (Petra sjocht even, mar der bart neat.)*

### **Petra:**

*Mar der bart neat?*

### **Professor Poepke:**

*Wês geduldich, Petra. It duorret even. Nim him no mar mei nei hûs en wachtsje mar ôf. Ik beloof jo, jo sille fersteld stean. Lit it my mar witte.....*

### **Petra:**

*Okee. (Wifket noch wat.) No goed, dan gean ik mar. Dei Professor. (Rint ôf.)*

### **Professor Poepke:**

*(Raast it út fan wille.) Yes !!!! Yes, en noch ris yes!*

*(Muoike Toets komt op.)*

### **Muoike Toets:**

*No, no, no, no, Edward Poepke , wat in leven makkesto!*

### **Prof Poepke:**

*Oh, dei muoike Toets. Ja, sorry, mar ik die krekt de útfining fan de ieu!*

*(Eksperimint 188 komt op. Hearde noch krekt wat de Professor sei. 188 is heal minsk en heal robot en hy beweegt ek as in robot).*

**Eksperimint 188:**

Is it slagge, Professor Poepke? *(De Professor knikt en dûnset.)* Oh, mar dat is fantastysk!

*(Muoike Toets snapt der neat fan en sjocht fan de Professor nei 188).*

**Muoike Toets:**

Mar wat is der dan? Wat is dy útfining fan de ieu?

**Eksperimint 188:**

*(Tsjin de Professor.)* Mei ik it har fertelle?

*(De Professor knikt. 188 winkt Muoike nei it bureau fan de Professor, wêr 188 en de Professor al steane. Muoike komt der by stean.)*

**Eksperimint 188:**

*(Fiert de spanning op.)* Dit..., dit, Muoike Toets, dit alles is ... *(Wiist alles oan.)* Al dit wurk hjir is.... *(De Professor en 188 sjogge elkoar oan en dan nei it publyk: )* De tsjustere formule!

*(Der klinkt even spannende muzyk. Se sjogge allegearre om harren hinne. Dan stoppet de muzyk.)*

**Muoike Toets:**

*(Ferbaasd.)* De tsjustere formule?

**Eksperimint 188:**

De tsjustere formule!

*(Wer klinkt muzyk en sjogge se allegearre om harren hinne . De muzyk stoppet wer.)*

**Professor Poepke:**

*(Knikt.)* De tsjustere formule!

*(Elkenien ferwachtet noch muzyk en sjocht om him hinne, mar der komt gjin muzyk. In plak dêrfan komme fan efter ien fan de panielen stadichoan twa dieven omheech. Stretch en Lyn.)*

**Stretch en Lyn tegearre:**

De tsjustere formule? *(Se sjogge elkoar even oan en sakje dan wer út byld. De oare spilers sjogge elkoar ferbaast oan, helje harren skouders op en gean gewoan troch.)*

**Muoike Toets:**

*(Sjocht foar har út... ) Goh, de tsjustere formule. (Dan sjocht se de oaren even oan.) Mar... uuuuh... , miskien in ûnnoazele fraach, mar..... wat kinst dermei?*

**Eksperimint 188:**

*(Optein.) Fan alles! Mar foaral: it makket better en.... Mega sterk!*

*(De hollen fan de dieven ferskine wer even. Se sjogge nei elkoar. Der is dúdlik in "aha-beleving" en se sakje wer út byld...)*

**Muoike Toets:**

*(Hat even neitocht...) No, no, no, no, dan sil it wol in soad jild opsmite... (Sjocht nei de Professor.) Pak it mar goed op, jongen....*

**Eksperimint 188:**

Jo Muoike hat gelyk, Professor Poepke. Miskien moatte we mar in grutte klús keapje om alles yn te ferstopjen. It mei net yn ferkearde hannen falle....

***Einde zichtversie...***